

Fers2 - recensie door Friduwih Riemersma

Riemersma, Friduwih (1 nov 2015) *In ferdigening fan dichtkeunst*. Fers2, <http://fers2.eu/besprek19-011115-friemersma.html>

Op 'e dyk sei in man tsjin in frou: "We are comparing the apples. But we compare the little apples with the little apples. And we compare the big apples with the big apples." Dat binne fenomenale sinnen! De stadige, steatlike binnenkomst mei de lange y en de lange a is al prachtich. Ken immen it liet 'Wat moet ik doen met in ezel' fan Sesamstrjitte? "Hij zegt alleen iii-aaa. (...) Je moet houden van hem, uiteraard." Dêrnei komme dan de koarte lûdsjes en de werhelling fan 'we', 'and we' en 'but we' en dat alles ynbêde yn in ûnbestriden logika. Dat jo sokke skitterende sinnen hast nea yn it wyld hearre fernuveret net. Spitiger is dat sinnen as dizze ek mar selden yn de keunst bedarje en yn Fryslân by myn witten hielendal net. Mar dat is no mear as goedmakke. Sytse Jansma kundiget yn it earste gedicht fan syn bondel *as nomaden yn tinten teplak* ûnferhoalen oan: "Simpel sesamstrasse". (s.12)

Mar it probleem foar de poëzij fan 'skitterende sinnen' is troch de krityske ferbetteringen fan Shelleys teze gâns grutter wurden; it is net langer sa dat wy poëzij wolle om te ferbyldzjen wat wy witte. Skientme jildt net mear as in wei nei wiisheid en moaie taal is hiel wat oars as poëzij. Tagelyk is it aldergrutste part fan it mondiale ûnderwiis taalûnderrjocht. Dizze problematyk wurdt akút yn *as nomaden*, op sa'n eigensinnige manier dat 'moaie sinnen' beslist in leechlizzend oardiel is.

Elk reduksjonisme fan de bondel ta syn eleminten rint op neat út. Sa is *as nomaden* hast folslein net-kritysk. Der is gjin ûntjouwing fan in riddenearring mei bewiis en konklúzje; de bondel beskriuwt en omskriuwt en presintearret ynformaasje sûnder dy te transformearjen. Mar krekt as de lêzer beslute sil dat de bondel radikaal deskriptyf is, komt der in retoaryske fraach, in mooglik begjinpunt fan in debat: "wêrom skildersto de wolken as blokken". (s. 52) Dy inkelde krityske opstelling is in yntegraal part fan it gehiel, as it tsjinwicht tsjin it absolutisme fan de withoefolle tafallige, arbitrêre geboaden en ferboaden: "lis dyn fûst yn 'e holte fan dyn oksel". (s. 26) Al earder is nammers it absolute idee fan de dichter as hillige learaar trochbrutsen. Syn lyryske ik is net moreel goed, mar krekt oarsom in ûnbetroubere ferteller dy't dúdlik net docht net wat er seit te dwaan: "foar de rivieren fan ur / bou ik (...) in lea fan gazellen". (s. 36) Dat is gjin byldspraak mar gewoan kletsboek, fan itselde alloai as tendinsjeuze útspraken sa as "alles is keunst", (s. 28) en Suske & Wiske-alliteraasjes of -assonânsjes dy't alle dichterlike do's en don'ts trochkruse, lykas "risseljend reid" of "[Suske & Wiske en de] roppende frosken". (s. 42)

Ek dêr't it de struktuer oangiet past de holistyske beneiering it bêste. De bondel is bûn troch de styl; gedichten binne yn fiif skiften forsearre, mar eftergrûnynformaasje oer of binnen de skiften ûntbrekt en de tema's bliuwe deselde, te witten it kompleks taal-keunst-kommunikaasje: "Ik as orakeljende talibantulbân / do as salvjend salvo fan treast". (s. 84) Ek op mikronivo blykt it ûnfermogen om helder ûnderskied yn ûnderwerpen oan te bringen. Yn de gearstalde wurden markearret de brek selden in wikseling fan jargon; "romptrombones", "opblaaspuppys" en "heupskroeven" ferlitte de taal fan de anatomy om dalik hingjen te bliuwen yn dy fan de de lichemsfunksje. (s. 26) Op it nivo der tuskenyn, rigels en stanza's, is de brek in like frjemd en wat ûnwolkom ding. Somtiden is de dichtrigel grammatikaal kompleet en koe sletten wurde mei in punt, soms is de rigel in preposisjonele sin dy't einigje koe mei in komma, mar faak markearret de rigelbrek likegoed as de stanzabrek inkeld de fisuele regelmaat op it papier. De konvinsjonele, auditive funksjes fan de brek, nammentlik klam op it earste of lêste wurd lid fan de rigel en ritmyske harmony, wurde likefaak brûkt as

brutsen. Yn “yn har sodomfolle longen / yn har stúmskens / galmet in âld s.o.s.”—merk hjir, hast oan it ein fan de bondel, de iennichste trije lêstekens op—ferwachtet it ear de brek efter ‘galmet’ en it each hat de brek leaver nei ‘stúmskens’. (s. 88) De foarrang foar it each befoarrjochtet it lêzen: in fan de oar isolearre akt.

Oan de produksjekant fynt men it isolemint yn de taal. Der is âldsk wurdgebrûk, “klaksonearjende dagerea” (s. 56), mei abstrakte kwalifikaasjes, “stadige lânskip” (s. 52), of ûnmooglike karakteristiken lykas “switterige moskeeën” (s. 68), ommers net inkeld rjochtsje learhûzen oeral op ‘e wrâld har histoarysk op matiging fan temperatueren (en beane alle moskeeën dêr’t ik wie noflikke kuolte), mar ek ferhinderet it ferplichte rituele waskjen foar de entree fan de moskee elts spoar fan switrook. Dêrneist docht de iensidige, ynkoherinte, langtriedderige, egosintryske praatstyl, mei konversaasjes oer smelle ûnderwerpen, mei rigide regels foar uteringen lykas in alliterearjende bywurd-tiidwurdkeppeling, “winterblyn waait” (s. 48) en mei flakke yntonaasje of monotony lykas yn “tsjin it ljocht en sjoch de kofjefilterrinnende drippen” (s. 46), eksentryk oan. Oft de lyryske ik him no ûnbewust is fan de lêzer of net ynteressearre is yn har, ekspresje fan ynderlik tinken ferfangt kommunikaasje, foar begrypsskakearringen fan taal, lykas humor, synisme en byldspraak is gjin plak en nettsjinsteande de mannichte wurden komt de sprekker nea ta it punt of in konklúzje. Koartsein, yn de bondel is gjin oar, lit stean ien dy’t oansprutsen wurdt. Nammerste urginter is it berop dat de tekst docht op de lêzer.

Metafoaren binne der, sa’t wy al seinen, net, mar similes oerfloedich; “as” is it meastbrûkte wurd yn *as nomaden*. It hiele doel fan de simile is om maksimaal betsjutting te jaan mei in minimum fan wurden en dus in ûnbekende saak oan te wizen as gelikens oan in saak dy’t it publyk goed ken. Mar al te faak is it similegebrûk stridich mei dat doel. Parallel oan de ûnmooglike moskee ferwize se nei just nei saken dy’t it publyk net iens kenne *kin*: “as klaterrussyske sinten”. (s. 64) De fal fan de roebel yn desimber wie wrâldnijs, dy sil foarearst net klaterje. Yn *as nomaden* snijt de simile de bannen mei de bekende wrâld just troch. Ek assimilaasjes spylje in grutte rol; minsken organisearje har kennis fan de wrâld fia assimilaasjes: “de lea is in idel omskot”. (s. 74) Assosjaasjes binne krêftige betsjuttingstjoerders. De fraze “loslitte en weromkomme” (s. 74) bringt my dalik en ûnûntkomber de puppytreningen yn ‘t sin fan de hûnen fan ús heit en myn ferwûndering oer wat der, al by de *canis lupus* en noch mear by de *homo sapiens*, wol net mis gean kin by de ienfâldige ynstrukjes ‘Los!’ en ‘Kom!’

Al liket *as nomaden* de frije assosjaasje net yn it paad te stean, om de assosjaasje te rjochtsjen neamt de tekst symboalen út de byldkultuer en populêr-kulturele ikoanen. Meastal mis ik dy ferwizingen, mar de namme Chaim Soutine ken ik. Typt men dy yn de google-sykbalke, dan ferskynt daliks ‘Karkas fan kofleis’ yn de resultaten, it ikoanyske ekspresjonistyske skilderij fan Soutine. De earste *hit* dy’t ik oanklikte hie ûnder de ôfbylding derfan in úttreksel út in boek fan ien fan de bekendste hjoeddeiske keunstkritisy, Jay Bernstein. De tekst begjint mei “It is as if”, werhellet fiif rigels fierder “that is, it is as if”, skoot op nei X “say, is” Y en beslút mei X “is” Y. *as nomaden* hâldt him fier fan falsifieerbare, rasjonele útspraken lykas dy fan Bernstein—X stiet foar it rotsjende objekt en Y foar de ûntbinende foarstelling. Mar de oerienkomst yn patroan falt op: “as karkasdragers”, “as stadige sawabuffel”, “parys is in poelier”, “et nous sommes somme”. (s. 70-71) Ynstee fan mei in konklúzje slút it gedicht mei twa frij-transliterearre rigels út in populêr, faak covere Jiddysk ferske, ‘Donna, donna.’ It Jiddysk brûkt it Hebrieuske skrift. De ‘Germaanske’ transliteraasje lit sjen dat net de taal, noch it lûd dat foar in part ferlern giet yn de transliteraasje, liedend west ha, mar de represintaasje. Yn it ferske leart in keal dat nei de

slachtbank giet oer *frijheid*. It is dus in losse, yrrelevante assosjaasje dy't Jansma oanbringt, dy't net weromwiist nei Soutine of in mooglike tsjutting fan dy syn wurk, mar wei liket te lieden fan elke simpele betsjutting.

Minsken binne kompulsive betsjuttingsikers. Is der gjin betsjutting, dan fabrisearje minsken dy wêr't jo by steane: "do ecce homo / stap út dyn pilatus pas / (...) hokus pokus". (s. 26) It is in oare joadske korifée, dy't lykwols gjin diel útmakket fan de popkultuer en gjin plakje krijt yn *as nomaden*, Viktor Frankl, dy't sjen liet dat finzenen dy't positive betsjutting fûnen yn nazykonsinstraasjekampen in gruttere kâns fan oerlibjen hiene. It probleem is allinne, sei Frankl, dat minsken harren gefoelens en gedachten meastal net bewust waarnimme kinne. "dat wat gjin ûnthâld hat / wat wol it dy sizze (...) mei syn hiele lichem bedobbet / er syn sahara fan gedachten". (s. 82) Dus as men mient de boarne fan it betsjuttingjaan út de djippere lagen op te graven is wat der omheech komt gewoanlik net autentyk. Dy autentisiteit is men dan fier foarby sketten; dy leit nammentlik op it oerflak fan de ûnbewurke, net sifte, klassifisearre of syntetisearre assimilaasjes. Dat is wat *as nomaden* sjen lit: de oarsprong fan fan betsjuttingjaan is it by it sjen fan in nije wolk fuortendaliks oanwizen fan "lollytongen", "blokken", "wite smynk"! (s. 54, 52, 54) Sa wiist *as nomaden* hieltyd om him hinne, mei wurden, want dat is it ûnferbidlik foarstadium fan betsjutting.